

Bijlage VMBO-GL en TL
2008

tijdvak 1

Fries CSE GL en TL

Tekstboekje

Geart de Vries beskriuwt it libben fan Tiny Mulder

‘OEREN PRATE EN DAN NOCH FAN ALLES UTSYKJE’

(1) In autobiografy skriuwe past neffens skriuwster en sjoernaliste Tiny Mulder net sa by Friezen en Nederlanners. Sy hâlde der net fan om de oandacht sa op harsels te rjochtsjen. Geart de Vries fûn al dat it ferhaal fan it libben fan Tiny Mulder fêstlein wurde moast op in momint dat se der sels noch sa’n protte oer fertelle koe. It is in bysûnder libben en trochdat it beskreaun is, wurde de lêzers fan no, mar ek lettere generaasjes, in soad gewaar oer it kulturele en literêre klimaat dêr’t Tiny Mulder diel fan útmakke en ynfloed op útoefene.

(2) Tiny Mulder hat oer har libben ferteld en Geart de Vries hat dat ferhaal fêstlein yn in soarte fan biografyske autobiografy. Want har ûnthâld skoot ek wolris saken oan ’e kant dy’t dan troch him noch wer útsocht wurde moasten. Feiten en nammen moatte doge, ek al is it boek oer Tiny Mulder net bedoeld as in wittenskiplike biografy. Mar de basis foar it ferhaal komt streekrjocht fuort út hert en holle fan Tiny Mulder sels.

(3) Geart de Vries hat earder in boek skreaun oer de Fryske skriuwer Douwe Tamminga. Dêr hat er deselde wurkwize yn tapast. Oeren prate en dan noch fan alles útsykje, om úteinlik in flot rinnend ferhaal yn ’e earste persoan te skriuwen. Hy hat mei opsetsin keazen foar dy wurkwize. Geart de Vries: ‘Ik wol in lêsber boek skriuwe, dat in goed byld jout fan de persoan dêr’t it om giet. En sa’n ferhaal yn ’e earste persoan behellet de lêzer neffens my mear by it boek. It is net bedoeld as in wittenskiplike biografy, mar der komt achtern yn wol in ferantwurding.’ En wêrom Tiny Mulder? ‘Se hat in libben

hân dêr’t in soad yn bard is, net allinne de oarloch, mar ek de sjoernalistyk en har dichtsjen en oersetten hawwe fan grut belang west. Boppedat, wy binne beide sjoernalist en wy hawwe deselde ynfalshoeke. It antwurd op de fraach “Wêr hast it wei?”, dêr binne wy altyd nijsgjirrich nei.’

(4) Tiny Mulder foldie dy gearwurking goed. ‘Geart ken my no it bêst’, seit se, heal út de gek, ‘wy hawwe alles bylâns west. Ik haw der net fan wekker lein, mar ik frege my wol gauris ôf hoe’t ik oan bepaalde opfettingen kommen wie en oft dy pasten by de minske dy’t ik bin. Us heit en mem hawwe my foaral gewurde litten, se hawwe my net echt wat bybrocht. Fansels nimme jo wol dingen oer, lykas it foardragen fan ús heit. Der waarden yn myn jeugd altyd twa dingen fan my sein: “Tiny kin sa leare” en “Tiny is noait bang”. No, dat wie wolris in lêst, want ‘noait bang’, dat is sa net.’

(5) Der hawwe redenen genôch west om bang te wêzen. Yn ’e oarloch siet Tiny Mulder yn it ferset, as koerierster, mar ek by it ûnderbringen fan ûnderdûkers en it fuortbringen fan piloaten spile se in rol. Sa’n tachtich piloaten hat se holpen om Nederlân út te kommen. Tiny Mulder fynt net dat de oarloch it hichtepunt út har libben is. Der is fansels ek in lang en wurksum bestean achteroan kommen en dat jildt ek foar de minsken dy’t mei troch har de oarloch oerlibben. ‘Der lei noch in libben op my te wachtsjen nei de oarloch, dat jilde foar my, mar ek foar it Joadske famke Evelijn dat by myn âlden ûnderdûkt wie en foar de piloaten. Mei guon fan dy piloaten haw ik altyd

85 kontakt hâlden en dy binne troud,
hawwe bern krigen en bernsbern.
Evelijn is altyd in suske bleaun; wy
hawwe op it lêst in pear jier deselde
mem hân. Yn *Tin iis* is sy it famke
90 Anneke. Yn dy roman haw ik myn
oarlochstiid ûnder wurden brocht. Dat
yn 'e foarm fan in roman te dwaan,
paste my better as in autobiografy.'

(6) De oarloch makke har ek
95 selsstannich, mar dat lei miskien ek wol
yn har aard. 'Ik tink dat jo op 'e wrâld
komme mei in nustje eigenskippen en
mooglikheden en dat dy miskien
aktivearre wurde troch wat jo
100 meimeitsje. Mar it moat yn josels sitte,
want wat der net is, kinne jo ek net
aktivearje.'

(7) Nei de oarloch begûn Tiny Mulder
mei har sjoernalistike wurk by it *Friesch*
105 *Dagblad* en, lykas in soad jonge
minken nei de oarloch, woe se de
wrâld wol yn. Se hie de piloaten dy't se
fierder holpen hie, altyd sein dat se har
nei de oarloch opsykje soe. Yn 1947
110 kaam se yn 'e gelegenheid om in lange
reis nei Amearika te meitsjen.

(8) Dêr bestie it stedsje Holland yn
Michigan hûndert jier en se bea it
Friesch Dagblad oan om dêr ferslach
115 fan te dwaan. Dat koe it deiblêd allinne
net bestuiverje, mar troch as free-lancer
ek foar oare blêden te skriuwen en jild
te lienen, koe it allegear krekt. It hat in
belangrike reis west. Tiny Mulder: 'Yn 'e
120 oarloch wiene al dy piloaten gelyk, mar
se kamen fansels út hiel ferskillende

fermiddens. Ien, Ed Pollock, kaam út in
rike famylje yn Pittsburgh, wylst in oare,
Tony di Benedictus, út in grutte
125 Italiaanske emigrantefamylje kaam.
Troch har learde ik in hiel soad kanten
fan Amearika kennen, net allinne it
Amearika fan 'e Nederlânske
emigranten.'

(9) Geart de Vries: 'Wat my bot opfoel
by it trochlêzen fan de artikels dy't Tiny
op har reis troch Amearika skreau, wie
dat se hiel goed en kriticysk om har hinne
seach. Se hie each foar it opkommende
135 antykommunisme, foar it rasisme en de
earmoed. Dêr skreau se wiidweidich
oer. Se hie in hiel goeie
bûtenlânkorrespondinte wêze kind.'

(10) Wat Geart de Vries ek opmerklik
140 fynt oan Tiny Mulder is, dat se de earste
tolve jier fan har libben gjin Frysk praat
hat. Neffens Tiny Mulder hat dat foar-
en neidielen hân: 'Jo misse de
bernetaal, de spultsjes, de ferskes, mar
145 jo passe wol better op it Frysk, jo brûke
it net sleau. Ik haw altyd hâlden fan
nifeljen mei taal, dêrom fyn ik oersetten
ek sok moai wurk.'

(11) Ik tink ek dat myn gedichten folle
150 tichter by myn sjoernalistike wurk lizze
as wolris tocht wurdt. Myn gedichten
komme ek fuort út observaasje. Se
kinne ek hiel goed in delslach fan in reis
wêze, lykas yn de bondel *Oh in stêd, ah*
155 *in lân* oer Venetië. Ik bin gewoan
nijsgjirrich nei hoe't de wrâld yn elkoar
steckt.'

Willy van der Meer

Ut: Boek, tematydskrift nûmer 17, septimber 2006

“Je witte fuortdaliks wêr’t se it oer hat.”

Yn itselde tematydskrift Boek, dêr’t tekst 1 út keazen is, is oan guon minsken frege nei harren favorite skriuwer. Ien fan dy minsken is Mieneke van der Velde. Sy lêst graach boeken fan Tiny Mulder.

(1) “Tiny Mulder bewûnderje ik as persoan en as skriuwster. Ik ken har al hiel lang en ik wit wat se allegear by de ein hân hat. Sy is no 85 en noch tige flink. Twa jier lyn wie se hjir noch op de boekemark yn Drachten om har boeken te ferkeapjen en se wie hjir sels mei de eigen auto hinne riden.

(2) Tiny Mulder hat yndertiid altyd in folsleine baan hân as sjoernaliste by it Friesch Dagblad en dat wie doedestiids hiel wat. Gean der mar oanstean, tink ik no. Want sy hie in húshâlding mei bern en har man Jildert Zuidema hie ek in folsleine baan by de krante, de Ljouwerter. Njonken har sjoernalistike wurk hat Tiny Mulder ek proaza en in soad poëzij skreaun foar bern en folwoeksenen.

(3) Yn Tiny Mulder har bondel sammele gedichten *Bitterswiet* mei ik sa no en dan graach wat omsneupe. Yn har wurk sprekt dat direkte fan har my sa oan. Je witte fuortdaliks wêr’t se it oer hat. Se hoecht net sa folle wurden te brûken om te sizzen wat se bedoelt.

(4) Troch myn houlik mei Rink van der Velde haw ik fansels hiel lang yn de sfear fan boeken en skriuwerij libbe. Mar dat hat my net beynfloede. Ik wie fan jongs ôf al in echte lêzer. Ik siet der fol fan. “Do ferlêst dyn ferstân”, waard doedestiids thús wol tsjin my sein. Want it wie yn de tiid dat ik jong wie, hielendal net gebrûklik dat je sa’n soad liezen.

(5) Ik hâld fan drege boeken. Der moat wat yn sitte, fyn ik, en je moatte der wat fan opstekke en der wat fan meinimme. Ik kin net sûnder boeken en ik fyn it hearlik om by moai waar bûtendoar wat te lêzen.

(6) De boeken fan Koos Tiemersma fyn ik moai en bygelyks ek dy fan de Stellingwerwer skriuwer Johan Veenstra. Dêr sit prachtige humor yn. Mar it wurk fan Tiny Mulder stekt der foar my dochs boppe-út. Har boek *Tin iis* stiet my noch hiel goed by. *In moaie leeftyd*, in roman oer in Fryske emigrantefrou yn Kanada, hat wakker yndruk op my makke. Nee, ik haw dy boeken net mear thús. Dy binne nei ús dochter Wytske gien, dy’t mei har húshâlding yn Israël wennet. Dêr binne dy boeken goed teplak, want Wytske is, krekt as ik, in echte lêzer.”

Eize de Boer

Ut: Boek, tematydskrift nûmer 17, septimber 2006

De Brêge ferbynt generaasjes en muzykstilen

- (1) Yn de Koornbeurs yn Frjentsjer giet moarn 'De Brêge' yn premjêre. It stik giet oer de ôfstân tusken in doarpsfamke en har mem. Mar ek oer de kleau tusken hiphop en 'gewoane' popmuzyk. Yn dizze 'hiphoppera' fan de Fryske band 'Om 'e Noard' en in ploechje jonge artysten wurde se mei elkoar yn ferbân brocht.
- (2) Gitarist Wim Beckers (50) wennet yn in âld hûs ûnder Wytmarsum. "Frijwat gehoarich, mei 'k wol sizze." Foar him wie der dan ek gjin ûntkommen oan de rap en de hiphop dy't syn soannen Boudewijn (25) en Feiko (22) draaiden. Hiel wat oars as de muzyk dy't er sels wend wie te spyljen mei syn band 'Om 'e Noard', te witten popmuzyk dêr't noch wat folkynfloeden yn trochklinke.
- (3) Wat Beckers oangiet, binne hiphop en popmuzyk utersten. Hiphop is net allinne muzyk. It is in libbensstyl, ûntstien as strjitkultuer yn de New Yorkse efterstânswyk The Bronx. In styl dy't him ûnderskiedt fan de mainstream, krekt lykas dat eartiids it gefal wie mei de rock 'n roll en de punk. Hoewol't sokke uterings yn de muzyk op 'en doer meastal opgeane yn it grutte gehiel fan wat pop neamd wurdt, sjocht Beckers hiphop dêr noch net by hearren.
- (4) Muzikaal lizze se yn syn belibbing in hiel ein útinoar. Benammen fanwegen de ritmes en it gebrûk fan elektroanika, draaitafels, samples en kompjûters. "Dat is dochs it tsjinstelde fan watst as âlde rockers wolst. Dan spilest it leafste op autentike ynstruminten, dy't in eigen namme hawwe."
- (5) De âlde rockers fan 'Om 'e Noard' binne al jierren op 'en paad en se woene wolris wat oars. Ien fan harren hie alris in rapper begelaat en no't Beckers troch syn soannen en harren freonen hieltyd mear fertroud rekke mei hiphopklanken, kaam it idee om dêr ris wat mei te probearjen. Dat hat mear as twa jier duorre. Der hawwe al priuwkes te hearren west, ûnder oare yn De Harmonie en De Lawei. No sil dan 'De Brêge' yn premjêre, in foarstelling dy't hiphop en pop mei elkoar ferbynt. Moarntejûn wurdt it stik spile yn De Koornbeurs yn Frjentsjer en, ôfhinklik fan hoe't it oanslacht, kin it dan yn teaters en gruttere doarpshuzen opfierd wurde.
- (6) De makkers neame it in hiphoppera. Dêrmei jouwe se oan dat de muzyk op it foarste plak komt. Se ha ferskate lju om rie frege foar dizze produksje, lykas oan skriuwster Hanneke de Jong oangeande de ferhaalline. "Gean út fan jimsels, wie it advys dat wy it meast krigen. Toanielspilars binne wy net. Dêrom hawwe wy der bewust foar keazen folslein foar de muzyk te gean."
- (7) 'De Brêge' giet oer in mem en in dochter op in doarp. De mem, spile troch Froukje de Jong, libbet dêr wakker tefreden. Mar foar it famke (Esther Kluff) wurdt it doarpslibben te benearjend. Se wol har wjukken útslaan. Dat besiket se wier te meitsjen mei twa freonen, dy't hielendal ferslingere binne oan hiphop: de rappers Johnny Bekema en Teon de Witte. In freondinne fan de mem (Pytrick Bruinsma) spilet wat in bemiddeljende rol. "Sy is eins de brêgebouster." De Brêge komt ek fisueel yn it stik foar, boppe it poadium.
- (8) It ferhaaltsje foarmet de reade tried dy't de muzyknûmers ferbynt. De rappers hawwe harren eigen teksten skreaun en dat jildt ek foar Esther Kluff. De raps binne yn it Hollânsk en it Frysk,

de sjongnûmers fan Esther yn it Ingelsk.
90 De rezjy is yn hannen fan Jelmar
Hoekstra. Der komme yn it stik ek
fideobylden foar, makke troch Niels
Akker, Feiko Beckers en Jan Pieter
Visser. Yn trije kertier foar it skoft en in
95 healoere dernei, komme sa'n santjin
nûmers foarby. Yn in tal nûmers geane
hiphop en pop yn elkoar oer. Dat jildt ek
foar it titelnûmer oan de ein. "De band
spilet in basisritme dêr'st sawol oer
100 sjonge as oer rappe kinst, en dat bart
beide."

(9) Sa krijt de muzikale brêge oer de
generaasjekleau stal. Dat is yntusken
by Wim Beckers thús ek wol min ofte
105 mear bard. Syn bern moasten destiids
neat ha fan de symfoanyske rock fan
Pink Floyd, dy't se ôfdiene as
'âldelullemuzyk'. Mar stadichoan ha se

der mear wurdearring foar krige. No
110 liene se syn cd's wolris. "Se nimme it
my efternei ek noch kwea-ôf dat ik se
net meinaam ha nei it konsert fan Pink
Floyd yn de Kuip."

(10) Oarsom hat heit Beckers in oar
115 byld krige fan hiphop, no't hy him dêr
mei 'Om 'e Noard' mear yn ferdjippe
hat. "Net ien fan ús hie ea hiphop spile.
No docht bliken hoe swingend as dy
muzyk eins is. Kinst der folle mear
120 ynlizze as dat ik earder tocht hie. It is
wier net altiten itselde baske mei drums
dy't altyd gelyk klinke. Ast goed harkest,
giet it hiel oars en kinst der in eigen
ynfolling oan jaan. It op ien nei lêste
125 nûmer 'Gelukkig tevreden' is in hiel
moai gitaarnûmer. Dat der op sa'n
nûmer ek in rap te meitsjen is, hiene wy
yn it foar net betinke kinnen."

Fan: Fedde Dijkstra

Ut: Leeuwarder Courant, 27 jannewaris 2006